



2020 / Z242956-2019

MOASJE

Art. 49 RfO

Moasje nei oanlieding fan agendapunt nû. 6 yn de riedsgearkomste fan 9 jannewaris 2020

De ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn gearkomste byinoar op 9 jannewaris 2020

Underwerp: **De Pionier**

De ried,

heard it beried,

konstatearjend dat:

- der yn it IHP neat konkreefts stiet oer it ûnderwiis yn Dokkum en in fyzjestik oer it ûnderwiis yn Dokkum noch mear as in heal jier op him wachtsje litte sil;
- belutsen boargers oanjouwe grutte soargen te hawwen oangeande it fuortbestean fan de skoalle de Pionier en de mooglik twongen húsferfening op de takomstige campus Dokkum wêr't perfoarst gjin draachflak foar is;
- in hastich byinoar roppen gearkomste foar de MR en guon âlden fan de skoalle wêryn't de fyzje fan it kolleezje oan harren útlein wurden is, dêr neat oan feroare hat;

fan miening dat:

- in basisskoalle lykas de Pionier ek in wichtige sosjaal-kulturele rol spilet yn in jonge en dynamyske wyk en it dêrtroch winsklik is dat de skoalle midden yn de mienskip stean bliuwt;
- der yn it hiele fersoargingsgebiet om de skoalle hinne sprake is fan sûne demografyske ûntwikkelingen en nijbou;
- boppegemiddelde prognoses, ek yn ferhâlding mei oare skoallen, foar yn elts gefal de kommende fjirtjin jier dúdlik meitsje dat de tydlike bou sa't dy no is yn de beneiste takomst net foldwaan sil mar de skoalle wol bestearsrjocht hat;
- út ferskate stikken, mar ek út de realiteit blykt dat it yn it gefal fan de Pionier giet om in ferhuzing fan in skoalle, nammentlik de Groen van Prinsterer, en net om in ferpleatsing;
- de gemeente in wichtige taak hat yn it húsferfening fan har ûnderwiis om dêrmei de kwaliteit fan it ûnderwiis boargje te kinnen, kwaliteit dy't yn de situaasje sa't er no is yn de knipe komt;

- ús opdracht oan it kolleezje it IHP, de Campus en de fyzjefoarming oangeande takomstbestindigheit en klustering fan skoallen dêr't dat winsklik en nedich is, perfoarst net yn de wei hoecht te stean;

jout it kolleezje de opdracht om:

- dúdlikheid te ferskaffen oer it besteansrjocht fan de Pionier as permanente skoalle yn de Trije Terpen;
- by de bou rekkenskip te hâlden mei groei en krimp en mei de multifunksjonaliteit fan de skoalle, en dus fan it gebou;
- de takomstige kosten dy't by dizze húsfesting makke wurde sille, dekke te litten troch de gemeente, lykas by oare skoallen;
- úterlik foar de simmerfakânsje mei in konkreet útstel nei de ried te kommen dêr't boppesteande yn meinaam wurdt,

en giet oer ta de oarder fan de dei.

Yntsjinne troch: FNP, CDA, ELP, ALL, PvdA, Gemeentebelangen, S!N, VVD, CU

Stimming	Foar: FNP, CDA, ELP, ALL, PvdA, GB, S!N, VVD, CU	Tsjin:--
Moasje oannaam		

Sa besletten troch de ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn syn iepenbiere gearkomste fan 9 jannewaris 2020.

De ried niisneamd,
de griffier,

de foarsitter,

mr. S.K. Dijkstra

mr. J.G. Kramer